



S.D.S.



DE TREFFER

JIERGONG 53-1 OKTOBER 2022

De Treffer

Foto's foarside
Treffer:
Henk Bootsma

klupblêd fan fuotbalferiening SDS

Jiergong 53 nûmer 1

oktober 2022



Redaksje:

Tryntsje Bouma
Metsje Huitema
Willem Wijnia
Tjerk van der Pol
Fakatuere

Adres:

Gabbemastraat 21, 8701EE Boalsert
Swingoerd 33, 8731 CV Wommels
De Homeie 27, 8731 EC Wommels
Geins 5, 8731 CR Wommels

tillefoan:

06-21467278
0515-333295
0515-331444
06-40614250

Fêste stikjesskriuwers; Aant, Steven, Habtamu en Kees.

Ynternetredaksje:

Aant Hofstra: aant@vv-sds.nl
Willem Wijnia: willem@vv-sds.nl

Bestjoer:

Willem Wijnia De Homeie 27, 8731 EC Wommels
Tryntsje Bouma Gabbemastraat 21, 8701 EE Boalsert
Henk Postma Stapertstrjitte 37, 8731 CA Wommels
Fakant
Syb Overal Streek 30, 8734 GR Easterein
Catharina Postma 't Bosk 34, 8731 BM Wommels
Bauke de Boer A.Joustrastrjitte 10, 8734 GJ Easterein
Jaap Toering It Noard 21A, 8731 BB Wommels
Marco Groothof Carolinenburg 7, 8925 CA Ljouwert

tillefoan:

0515-331444
06-21467278
06-51679033
06-33030042
06-19033966
06-29892380
06-10695193
06-10562399

funksje:

Foarsitter
Skriuwer
Ponghâlder
Foarsitter jongerein
Wedstrydsekretaris
Ledenadministraasje
PR en Reklame
Sen./Technyske saken
Terrein/Skoalleseize

Jongereinkommisje: funksje:

Fakant Foarsitter
Anno Feenstra Algemiens lid
Christien van der Valk Algemiens lid
Dirk de Jong Algemiens lid
Pieter Kamstra Algemiens lid

E-mailadressen:

Foarsitter@vv-sds.nl
Ponghalder@vv-sds.nl
PRcommissie@vv-sds.nl
Wedstriidsekretaris@vv-sds.nl
Ledenadministraasje@vv-sds.nl
Sekretaris@vv-sds.nl
TC-foarsitter@vv-sds.nl
Foarsitter-jeugd@vv-sds.nl
Accommodatie@vv-sds.nl

=> Willem Wijnia
=> Henk Postma
=> Bauke de Boer
=> Syb Overal
=> Catharina Postma
=> Tryntsje Bouma
=> Jaap Toering
=> Jongereinkommisje
=> Marco Groothof

Sponsor- c.q. PR-kommisje

Bauke de Boer

Hendrik Engbrenghof
Johan Postma & Allert Turksma

Shirtsponsoring, reklamebuorden en Freonen fan
SDS (PRcommissie@vv-sds.nl)
Treffer en webside
Wedstriidstipers SDS 1

Wedstrydsekretariaat

Senioaren, seal en de jeugd:

Syb Overal, Streek 30, 8734 GR Easterein, tel: 06-33030042

Skiedsrjochterkoördinator:

Enne-Johannes Bruinsma, De Singel 12, 8734 HR, Easterein 06-29974138

Akkomodaasje:

Sportpark "De Skoalleseize", 't Heechhiem 11, 8734 GS Easterein, tel. 0515-331700

Fersoarging terrein:

Andries Stuiver

A.Joustrastrjitte 4, 8734 GJ Easterein

tillefoan:

0515-332872

Fersoarging materialen:

Klaas de Haan, Klaas Overal, Lolke Bouma en Willem Twijnstra

Aktiviteitenkommisje:

Wa mar wol!

Bankrelaasje: NL60RABO0349501033

Rabobank Sneek –ZuidwestFriesland.

Ferieningsnûmer KNVB: BB BG 32H

Korrespondinsje besoarging Treffer:

Tillefoan:

Easterein:	Hester Hiemstra, Skoallestrjitte 10, 8734 GM, Easterein	
	K. en H. Meijer, Wynserdyk 19, 8734 GE Easterein	0515-332278
Wommels:	Fam. Sytsma, Roede 27, 8731 CT Wommels	0515-332905
	Fam. Boonstra, Hofkamp 14, 8731 BV Wommels	0515-331615
Itens/Hinnaard:	Sjoerd Boonstra, Hearedyk 59, 8735 HP Itens	0515-332457
Reahûs/Turns/Hidaard:	Fam. Gerbrandy, Sanleansterdyk 24, 8736 JB Reahûs	0515-332910
Spannum:	Hendrik Eringa, Wijniastrijtte 4, 8843 KM Spannum	06-52282533
Winsum:	Syben Wassenaar, Hege Terp 13, 8831 XT Winsum	0517-341886
Kûbaard:	Auke Eringa, De Ljurk 13, 8731 EJ Wommels	0515- 332649
Oare plakken:	Metsje Huitema, Swingoerd 33, 8731 CV Wommels	0515-333295

Kontribúsje(per 1/1/2021) :

Senioren fjildfoetbal:	€ 70,-	it healjier
Senioren sealfuotbal:	€ 49,-	it healjier
Junioren O19 en O17:	€ 55,-	it healjier
Junioren O15:	€ 46,-	it healjier
Pupillen O13 en O11:	€ 38,-	it healjier
Pupillen O9:	€ 33,-	it healjier

Foar de jongerein jildt fanôf it twadde bern 20% koarting

Dizze kontribúsjebedragen binne eksklusyf de bijdrage foar it kleanfûns. Dizze betreft foar senioarenleden €6,- en junioarenleden €5,- per heal jier.

By de earstehealjiers-kontribúsje wurdt ek €6,- foar de Grote Clubactie ôfskreaun.

Dizze 2 lotten krije je fan je leider en kinne efentueel je ferkeapje.

Tagong wedstriden earste âlvetal € 3,- Dêr sit dan in programmaboekje bij.

Foar leden, sponsers en freonen fan SDS is de tagong **fergees**.

In programmaboekje kostet foar leden, sponsers en freonen fan SDS **€1,-**.

Mei it nûmer fan it programmaboekje meitsje je kans op drûge woarsten.

Freonen fan SDS

Foar € 50,- yn it jier wurde jo Freon fan SDS. Jo krije dêrfoar ús klupblêd, "de Treffer", fergees tastjoerd, jo komme op it 'Freonenboerd' en jo hawwe by kompetysjewedstriden fan ús earste âlvetal frij tagong. Foar nijere ynljochtings kinne jo skilje mei Bauke de Boer 0515-332555

Stipers

Mear ynformaasje by Bauke de Boer (0515-332555)

Oanmelding nije leden:

Aspirant **jongereinleden**, aspirant **senioren (fjildfuotbal)** en aspirant **sealfuotballers** kinne harren oanmelde/ôfmelde fia de webside **www.vv-sds.nl** fia "**oan-/ôfmelde**".

Njonken in oanmeldingsformulier moat ek in kopy fan in offisjeel legitimaasjebewiis (mei pasfoto) ynlevere wurde.

By fragen kinne je kontakt opnimme mei Anco Elgersma.

Ôfmelde:

Under de kop oan-/ôfmelde stiet ek de link foar as je je spitich genôch ôfmelde moatte/wolle Allinich op dizze wize kinne jim ôfmelden wurde (dus net fia in lieder of sa)

Hjirfoar binne twa data: **foar 1 maaie** en foar **1 desimber**.

By te let ôfmelde moat der noch foar in heal jier betelle wurde, dit is omdat SDS dan ek jild ôfdrage moat oan de KNVB.

De lêste ynleverdei foar **kopij** foar it folgende nûmer is:

10 desimber 2022

Jo kinne de kopij ynleverje by ien fan 'e redaksjeleden.

Leafst oer de E-mail.

E-mail adres : **detreffer@vv-sds.nl**




Fan de Trefferredaksje

Hjir de earste Treffer wer fan it seizoen. In moai momint om werom te sjen op in alderaadichst jubileumfeest. Yn dit nûmer dan ek fan alles oer it SDS-jubileum, it SDS-plaatsjesboek, mar ek in Krammandsje foar Harmke, trije Fruitmandsjes, de Alde Doaze, it doelpuntenklasemint, de aginda en noch folle mear.

Mar in soad lêswille tawinske!

(WW)



<p>SDS 75 jier</p>	<p>Duorsumheid by SDS</p>	<p>Ut de âlde doaze</p>
		
<p>side 5</p>	<p>side 13</p>	<p>side 29</p>

Ynhâld

<i>Fan de redaksje.....</i>	<i>3</i>
<i>Fan it bestjoer</i>	<i>5</i>
<i>Meinte-Sixmatoernoai.....</i>	<i>5</i>
<i>SDS jubileumfeest tige slagge.....</i>	<i>6</i>
<i>SDS-foetbalplaatsjesboek.....</i>	<i>8</i>
<i>Lokwinske.....</i>	<i>9</i>
<i>SDS Schoen-Transfer.....</i>	<i>10</i>
<i>De jonges en famkes fan JO9-2 binne der klear foar. De âlders ek!.....</i>	<i>11</i>
<i>In fruitmandsje bringe by Wiebe Heeres</i>	<i>13</i>
<i>Duorsumheid by SDS</i>	<i>14</i>
<i>Hite nûtsjes.....</i>	<i>15</i>
<i>SDS'ers der op út!.....</i>	<i>17</i>
<i>Persoanlik: Armin Stenekes</i>	<i>18</i>
<i>In fruitmandsje bringe by Ewout de Boer.....</i>	<i>20</i>
<i>SDS-Webshop</i>	<i>21</i>
<i>SDS-foetbalplaatsjes (2).....</i>	<i>22</i>
<i>In fruitmandsje bringe by Remco Hijlkema</i>	<i>23</i>
<i>SDS -Look-a-likes(34).....</i>	<i>24</i>
<i>In kraammandsje bringe by Harmke van der Werf</i>	<i>25</i>
<i>SDS WK-League.....</i>	<i>26</i>
<i>Slút je oan by GEKE en stypje SDS!.....</i>	<i>27</i>
<i>SDS'ers der op út!.....</i>	<i>28</i>
<i>Ut de âlde doaze.....</i>	<i>29</i>
<i>Doelpuntenmakers senioaren 2022-2023</i>	<i>31</i>
<i>Aginda.....</i>	<i>32</i>

Fan it bestjoer

Ynmiddels bin ik alwer 8 jier foarsitter fan SDS. Wat my oanbelanget in moai momint om in stapke werom te dwaan. Ik doch it altiten noch mei wille, mar foar de klup liket it my better as der no in oar foarsitter wurdt. In soad saken sil ik noch seker dwaan bliuwe lykas de Treffer, de SDS-League en de webside. En ik bliuw graach noch jierren fuotbaljen.

Ynmiddels hawwe wy in kandidaat fûn dy 't myn funksje oernimme wol. Hjir binne wy tige wiis mei. Degene hat al oanjûn net earder beskikber te wêzen as oan it begjin fan folgend fuotbalseizoen. Dit betsjut dat ik yn elts gefal tot oan it ein fan dit seizoen foarsitter wêze sil. Sa haw ik ek mear tiid om saken oer te dragen. Wy moatte foar de ledengearkomst noch in datum planne. Normaal sprutsen is dat yn novimber, mar wy hawwe troch de Korona noch mar krekt in ledengearkomst hân, dus sil dat wat letter dit seizoen plakfine. Hâld de SDS-webside yn de gaten.

Willem Wijnia
foarsitter vv SDS

Meinte Sixmatoernooi 2022

Afgelopen woensdagmiddag 14.00 uur was het weer zo ver! De velden lagen er keurig bij, het zonnetje liet ons ook niet in de steek! Met circa 60 kinderen van mini's tot Jo-13 kon er een prachtig toernooitje gespeeld worden.

Iedereen was weer lekker op gang met het voetballen. En we hebben dan ook mooie dribbels gezien, goeie assists en prachtige goals. Aan het eind van het toernooi was er de prijsuitreiking. En zoals ieder jaar weer, alleen maar winnaars en dus een dik verdiende medaille voor iedereen!

Familie Sixma, bedankt voor dit prachtige initiatief! Editie 2022 was duidelijk geslaagd!

Christine, Dirk, Pieter en Anno.
Jeugdcommissie vv SDS



SDS jubileumfeest tige slagge!



Op freed 2 en sneon 3 septimber waard it 75-jierrich jubileumfeest fan SDS fierd. Op freed waard troch foarsitter Willem Wijnia it feest ynlûden mei in praatsje en de útrikking fan de earste SDS-jubileumplaatsjesboeken oan Eelco Boonstra fan Jumbo-Kooistra en 4 SDS'ers namelijk in frijwilliger (Klaas de Haan) en de jongste (Dianthe Engbrenghof) it middelste (Jesse van der Weide) en âldste lid (Ids Boersma) fan SDS. Haadstiper Durk-Jorrit van der Eems wie op fakansje.

Nei it iepeningswurd koenen de teams fan âld SDS en vv Nijland begjinne oan harren wedstriid. Jan Hiemstra mocht de ôftraap dwaan. Hiemstra is berne njonken it fuotbalfjild, doe't it noch gewoan lân wie. Hy hat by SDS balle, is ferhuze út Easterein, mar hat altyd de klup folge. SDS naam al gau de lieding yn de wedstriid en nei twa kear in heal oere wie it 4-1.

Yn de rêst wie it spektakel fan de jûn. 75 jeugdspilers tsjin SDS 1. Alle jonges en famkes hienen in SDS-jubileumsjurt krigen mei efterop SDS 75 jier. En wat wie de jeugd fanatyk, prachtich om te sjen. Foar de grutten wie it dreech, sadra as ien de bal hie, stienen der ek tsien spilers omhinne. Ien fan de seis keepers fan de jeugd, Jildau Jellema, hold it skot op doel fan Mark Klijsma tsjin. SDS 1 kaam dochs foar, mar daliks in oanfal fan de bern en ek in goal. Der waard sels in oertrêding yn it strafskopgebiet makke troch SDS1, skiedsrjochter Auke Eringa joech in penalty. In probleem foar lieder Inne Heerma, hokker spiler mocht him nimme. Brend Toering wie de lokkige en skoarde tsjin syn heit Jaap. Brent Overal hie in assist en in goal, de oare goals wienen fan Tymen Bults en Finn Wagenaar. Uteinlik wûn de jeugd, de takomst fan SDS, mei 6-2. Nei de twadde helte fan de wedstriid SDS-vv Nijland wie it noch noflik neisitten mei muzyk fan Sytse Haima.



Frank Bervoets fan SDS 1 probearet de jonge jeugd fan SDS by te hâlden. (foto Henk Bootsma)

Sneons om 9 oere stie de jeugd alwer op it fjild foar de Klinik fan sc Heerenveen. Krap oan 70 bern wiene fanatyk oan it fuotbaljen.



De bern koenen moai de SDS-jubileumsjurtsjes wer oan mei de sc Heerenveenklinik (foto Henk Baotsma)

Hja hawwe dizze moarn wer in protte nije dingen leard. De middeis wie der in reüny fuotbaltoernoi mei sa'n 140 fuotballers. Foar de 50+ en de froulju wie in spesjale poele. Foar elkenien wie it dreech, it wie hast te waarm om te fuotbaljen. Mar wat in wille. De jubileumkommisje hie frege om spesjale fuotbal sjurts te dragen by dizze wedstryd. Stan Korbach, Jacob van Wieren, Akke-Rixt Zijsling, Martin Rienstra en Freek Tichelman hienen de moaiste sjurts. It toernoi waard lieden troch Jappie Wijnia en Wichard Deinum.



In kleurich gehiel mei al dy ferskeidene fuotbalsjurts (foto Bauke de Boer)

Op de beamer yn de kantine wienen sa'n 180 âlde alvetal foto's te sjen, derneist wie der noch in puzzel-kwis-tocht. As ôfsluting in barbecue mei muzyk fan De Meesters mei û.o. SDS'er Pieter de Boer op de basgitaar. SDS kin mei tank oan it waar, de frijwilligers, de jubileumkommisje en al dy SDS'ers en âld-SDS'ers werom sjen op in tige slagge jubileumfeest.

SDS-jubileumplaatsjesboek

Begjin septimber kaam it SDS-jubileumplaatsjesboek út. Jim hawwe him allegear yn de bus krigen of koenen him by Jumbo-Kooistra krije of yn de bestjoerskeamer. Neist de nijsgjirrige ferhalen oer SDS is it foaral in aardichheid om de plaatsjes te sparjen by Jumbo-Kooistra yn Wommels. Dit waard dan ek manmachtich dien. Net allinnich troch SDS-jeugd, mar ek troch pakes en beppes, buorlju, lju dy gek op sparjen binne en noch folle mear. Op freed 30 septimber wie der in ruilmiddei yn de bibleteek fan Wommels. Alderaardichst om te sjen hoefolle bern en âlders hjir wol net op ôf kamen. Sven Hallema wist goed te ferwurdsjen wat hy sa moai oan it boek fûn; 'Ik kin moai plaatsjes sparje, mar as ik 25 jier bin dan kin ik der ek noch altiten yn sjen'. Dat hat Sven goed besjoen. Dat wie hielendal de bedoeling. In SDS-jubileumplaatsjesboek foar jong en âld.



De hjoeddeistige topskoorder fan SDS 1, Hendrik de Jong, wie der sels om syn boek fol te krijen.

De aksje by Jumbo-Kooistra rûn oant tiisdei 18 oktober. Der binne noch SDS-jubileumplaatsjesboeken yn de bestjoerskeamer te krijen en dêr lizze ek noch wat plaatsjes om je boek fol te krijen.



Lokwinske!

Wy hawwe ferskeidene lokwinken binnenkrigen y.f.m. it 75-jierrich jubileum fan SDS. Wy wolle dizze noch graach efkes mei jim diele:

Hoi Willem

Gefeliciteerd met het 75 jaar bestaan van jullie mooie voetbalvereniging SDS

Ik kan het 50 jarig bestaan nog goed herinneren. De wedstrijd tegen Sc Heerenveen was echt heel bijzonder.

We zijn nu 25 jaar verder en we hebben opnieuw een feest. Ik kan er helaas niet bij zijn. Ik merk dat ik niet meer de energie heb om alles mee te maken.

Ik wil jullie laten weten dat ik een heel bijzondere tijd met jullie heb meegemaakt.

Ik ben begonnen als opvolger van Gerlof Sloterdijk in 1994.

De eerste wedstrijd was tegen Workum thuis.

We hadden een sterke ploeg met veel beleving snelheid en kopkracht (Jappie Wijnia). We zijn dat jaar ook gepromoveerd via de nacompetitie Uit tegen AVC (gelijk) en thuis tegen Waterpoort Boys (winst).

Ik weet nog dat Klaas Visser scoorde met zijn kenmerkende vrije trap met links strak over de grond precies in de hoek.

Ik ben vijf en een half jaar trainer geweest en we hadden echt een klik.

Samen met Anne Brouwer en later ook Eddy de Boer hebben we leiding gegeven aan een groep mensen met grote karaktersverschillen.

We waren de olie tussen de raderen.

Ik herinner me de trainingen op 4 mei dodenherdenking nog dat we op het trainingsveld lagen achter de sporthal en 2 minuten stilte in acht namen.

De kerkklokken waren onze gids.

In 2000 zijn we uit elkaar gegaan.

In 2004 heb ik in maart het stokje over genomen van de toenmalige trainer Lycle Bleekveld. We hadden een sterk einde en werden kampioen en promoveerden naar de eerste klasse. We wonnen uit bij ONT!

Ik heb zo maar wat herinneringen gedeeld

Het was echt de moeite waard dat we 6 jaar met elkaar zijn opgetrokken

Lief en leed gedeeld en fijne relaties opgebouwd

Veel plezier op het feest en de hartelijke groeten van

Klaas Dijkstra



SDS Schoen-Transfer

Ik ben al een aantal jaren leider van het team van mijn zoon. De eerste keer dat ik doorkreeg dat één van mijn spelers op kapotte voetbalschoenen speelde, hadden we thuis nog een paar goede voetbalschoenen liggen van onze oudste.



Na de wedstrijd reden we door naar ons huis om te passen. Ze zaten als gegoten en zo was de kwestie snel opgelost. Hij blij, ouders blij, wij blij. Daar gaat het om. Dit gebeurde datzelfde voetbalseizoen nog een keer, met een 'oude bekende' van mij. Ik merkte op dat hij al een paar maanden op nog steeds die afgetrapte kapotte schoenen voetbalde en gooide een balletje op: ik geloof dat ik nog een paar heb liggen thuis, volgens mij precies jouw maat. Zullen we even passen? Ze liggen er nu toch maar. Nóg een match. Scheenbeschermers, een extra bal om thuis ook te kunnen oefenen... Verschillende items kregen hele blijie nieuwe eigenaren.

Toen ik op vrijdag tijdens het SDS jubileum één van de meest gedreven, fanatieke jeugdspelers op compleet vertrapte schoenen aan zag komen, heb ik even gepolst. "Jaa, weet ik. Kan nog wel. Ik heb nu geen andere. Maar is ok." Ik zei 'm dat ik wel even rond zou vragen en postte diezelfde avond een berichtje op de FB-pagina van Easterein. We hadden het er thuis over: dit is toch een prachtig mooie manier om de jeugd op goede schoenen te laten voetballen? Moeten we hier niet iets mee?

Binnen no-time kwamen de berichtjes binnen en kon ik op verschillende adressen goede, schone voetbalschoenen ophalen. Gratis, om een ander lekker op te laten voetballen. Er werden zelfs tassen met schoenen bij ons thuis aan de deur gebracht! En het gevoel werd gedeeld: wat een mooie, simpele maar doeltreffende manier om alle jongens en meiden op goed schoeisel te laten spelen.

Zaterdagochtend, dag 2 jubileum SDS stond ik al vroeg op het veld. Daar kwam ie aan. Op sokken! Hij was er blind vanuit gegaan dat ik het wel had geregeld, en met een enorme glimlach nam hij z'n nieuwe schoenen in ontvangst. Perfecte maat, schoon, met goede noppen en goede veters. Dolgelukkig met z'n goede schoenen. "De beste die ik ooit had!"

Dus.. dit gaan we vaker doen. Niet lukraak schoenen uitdelen, maar wel aan de jongens en meiden die om wat voor reden dan ook geen nieuwe schoenen kunnen betalen. Daarom willen we graag aan jullie, trainers, leiders, ouders, vragen: kijk eens goed naar de schoenen van je spelers. Even een rondje doen, voor of na de training. Een kleine check voor of na de wedstrijd.

Versleten, kapot, te klein, lek? Vraag eens door. En als jouw speler het ok vindt, geef mij dan even een seintje. Dan kijk ik wat ik hier heb liggen, vertellen zij thuis over de 'Schoen-transfer' en regelen wij samen zo snel mogelijk een paar schoenen. En ja, dit geldt natuurlijk ook voor nog goede SDS-sokken zonder gaten én scheenbeschermers!

Ik doe wel een oproepje zodra we ergens naar op zoek zijn. Zo kunnen we er met z'n allen tijdens de trainingen en wedstrijden weer voor de volle 100% tegenaan!

Joad Schram
Koaifinne 12
Easterein
06-21404212

Ps: Heb je thuis wat liggen wat absoluut een tweede kans verdient? Dan mag je me natuurlijk een berichtje doen!

De jonges en famkes fan JO9-2 binne der klear foar. De âlders ek!

Yntúsken is it fuotbalseizoen 2022 - 2023 alwer efkes útein setten en ha ek de spilers fan JO9-2 de earste trainingen en wedstriden der alwer op sitten. In moai groepke jonges / famkes troch elkoar! Ien fan de leiders kaam mei it moaie idee om noch ekstra te ynvestearen yn teambuilding! 🐾

En sa dwaande waard ôfrûne snein hús, hiem en lân troch de âlders fan Stijn en Jesse iepensteld foar spilers mei harren heiten, memmen, broerkes en suskes om der mei syn allen in gesellige middei fan te meitsjen.

En at dat slagge is!



Elts hie wat lekkers meinaam à la 'American Style'. De âlders ha ûnder it genot fan in hapke en drankje de beste spultaktiken en kwaliteiten fan harren bern trochjûn oan de leiders (ja fansels nimme we dit mei) en de bern (jong en âld troch mekoar) ha de hiele



midzje o sa moai bûten boarte, fuotballe, plaatsjes ruile en elts hat genoaten fan chips, in broadsje hamburger of knak, in ijsco en as klapper in mixtoernooi yn it lân. Fansels ha de bern dit wûn!



(Lyts ferskil mar hjer, hiel lyts.... 😊). It wie in middei mei allinnich mar bliere gesichten, leuke ferhalen, gearwurkingen ûnder de bern en we ha wer sjoen wêr de club foar stiet: 'Sterk Door Samenspel'!

Mei sportive groetnis fan de leiders fan JO9-2, Gerrit, Hendrik en Margriet.



In fruitmandsje bringe by Wiebe Heeres

By SDS 1 misse wy Wiebe Heeres. Wy sjogge him wol op it sportkompleks, mar net op it fjild Wat is der oan de hân?

Wêr hast lêst fan?

De knibbel, nei ferskillende besykjes oan de sportarts en orthopeed bleek dit te komen troch in skuorke yn de meniskus. Troch dit skuorke ûntstiet in soart fan flapke.



Hoe hast dat sa krigen?

Hoe dit presys bard is is noch in bytsje de fraach. Mar de earste klachten wienen nei de útwedstriid by Makkum (foarich seizoen). De sneons sels frijwol nergens lêst fan mar de oare dei koe ik de knibbel net mear boege of strekke. Toen hie ik noch net yn de gaten dat it om de meniskus gong en tocht ik dat it fansels wol oer gean soe. Helaas wie dat niet it gefal.

Hoe no fierder?

Gelokkich is it no eindelijk sa fier dat ik ûnder it mes kin. Se sille mei help fan in kijkoperatie sjen dat se it ien en oar “bijskave” kinne. Dit sil healwei novimber plak fine. Hjirnei sil ik wer revalidere moatte.

Hjir is al mei al wol hiel wat geduld foar nedig west. Fan de fysio nei de húsarts en fan dêr út troch ferwezen nei de sportarts. Nei it bezoek oan de sportarts is in MRI scan ynpland welke 31 maaie plak fûn hat. 2 wiken letter wer werom nei de sportarts om de rissultaten hjir fan troch te nimmen. Op dat momint hie ik al in tiid net mear fottballe dus net folle lêst fan de knibbel wêrop besluten waard om earst te sjen of dit oanhâlde soe. It skynt dat de meniskus út him sels wer herstelle kin. Dit wie helaas net it gefal werop in nije ôfspraak ynpland waard. Earst wer nei de sportarts welke mei troch ferwezen hat nei de orthopeed. Hjir gongen ongeveer wer 10 wiken oerhinne maar 29 septimber wie it dan sa fier en waard grien ljocht jûn foar in kijkoperatie. Foar dat de operaasje ynpland wurde koe moast ik earst ek noch efkes op in soartefan sprekoerke komme om bepaalde saken troch te nimmen. Al mei al koenen se 18 oktober fertelle dat ik healwei novimber opereard wurde sil.

Giest ek noch nei de fysio?

Ik gean op dit momint net mear nei de fysio. Dit sil daliks mei it herstel wol wer nedich weze om de spieren wer oan te sterken.

Wannear ferwachteto wer op it fuotbalfjild te stean?

Hoe snel dit gean sil wit ik net. Yn de regel stiet der 6 wiken herstel foar dizze yngreep. Dus foar de winterstop wurdt der troch my noch net folle fuotballe.

Wat misto no it meast no asto net fuotbalje kinst?

Ik tink dat ik gewoan it op sporten op himsels it meast mis. Klinkt logysk miskien maar it is in hearlijk stikje ûntspanning. Ik probear elke tongersdei efkes bij it trainen te sjen en dêrnei efkes oan te slúten foar in bierke. Itselde jild foar sneons. Dus de gezelligheid fan it team krij ik fansels noch mei! It ienige wat ik net mear mei krij bin de ferhalen fan it wykein die op tiisdeis meast troch sprutsen wurde. We hawwe genôch "portretten" yn ús team dus dat soarget altiten foar de nedige sensaasje.

Wiebe, in protte sukses mei dyn herstel!

Wy hoopje dy gau wer op it fuotbaljild te sjen!

Duorsumheid by SDS

Heal ljocht

Om energy te sparjen wurde op trainingsjûnen by SDS de helte fan de ljochten brûkt. Dit is genôch om by te trainen. By wedstriden op jûn wurde wol alle ljochten brûkt.

De Skoalleseize is dwaande om te sjen as wy LED-ferljochting krije kinne.



Douche

Yn tsjinstelling as by oare klups mei der by SDS noch altiten gewoan brûst wurde nei it trainen en nei wedstriden. Wol graach súnich oan mei it wetter en net te lang douche.

Keunstgers

Om it keunstgêrs wat te sparjen graach de strafskopgebieden wat meie en net mei de goals slepe. It keunstgersfjild blykt aardich hurd te sliten en is op sommige plakken hast oan ferfanging ta.

Reklamebuorden

Om de reklamebuorden te sparjen graach gjin ballen tsjin de reklamebuorden skoppe.

De Skoalleseize

De Skoalleseize is drok dwaande om te sjen hoe as ien en oar duosumer kin op it sportkompleks Sa binne sy ek dwaande mei sinnepanielen.

Ideeën!

Hawwe jim ideeën lûk ús dan efkes oan de jas of stjoer in mailsje nei info@vv-sds.nl.

Hite nûtsjes

Hasto dyn SDS-jubileumplaatsjesboek al fol?

De measte fuotballers en fuotbalsters ha'k der yn. Super leuk idee, de moaie ferhalen yn kombinaasje mei de plaatsjes.



Bisto ferrast troch de goeie prestaasjes fan SDS 1?

Ja! Bynammen om't der ek noch wolris in pear seleksjespilars ûntbrekke. De nije technyske stêf hat de wyn der blykber goed ûnder.

Wat do?

De ploech pakt it super op. De discipline dy 't harren by brocht is troch Douwe Posthuma **no** kombineard mei it oanfallende (4-3-3-) spul fan Remco Bervoets blykt prima te passen.

De derby Nijland 1 – SDS 1 waard 0-0 en wie net al te nijsgjirrich om nei te sjen. Hoe kin it dochs dat derbys meastentiid it oansjen net wurdich binne?

Boppe alles net ferlieze wolle ynstee fan hiel graach winne wolle.

No sjogge wy yn it amateurfuotbal dat de iene nei de oare ploech omfalt. SDS 3 sit ynmiddels yn in kompetysje fan 8 teams. Hoe kin dit oplost wurde?

Dit is in trend dy't him al wat langer ôfspilet fansels. Ik haw sa gau ek gjin idee hoe as dit te kearen is. De foarsitter fan SDS slut syn foarwurdsje gau ris ôf mei; 'We dogge it mei us allen' en sa ist.

Of hasto noch ideeën?

It soe my better lykje as SDS 1 yn in kompetysje fan 12 ploegen spilet en de B-kategory mei 10 teams yn de kompetysje fuotballet. Sa hawwe je nochris in frij wykein en is der makkelijker te skowen. De fuotballers fan SDS 1 krije ek wat mear rêst en sil it tal blessures ek ôfnimme.

Wie Napoli no sa goed of wie Ajax sa min?

Napoli wie sa goed en Ajax net top. Safolle tsjingoals is al soarchlik fansels.

Fynsto it ek sa sneu foar Henk de Jong?

Ja, Henk de Jong is in prachtige man en in goede trainer. Syn ynstelling elkenien goeiedag te sizzen om 't dit likefolle muoite kostet dan gjin goeiedag te sizzen fyn ik moai. Wy spilen ea mei SDS 2 tsjin Harkemase Boys doe 't Henk de Jong trainer wie by Harkemase Boys 1. Hy frege ús yn de rêst hoe as it stie. Hy wie oprjocht ynteresseard. Spitich dat hy syn kariere op dizze wize ôfslute moat.

Wa is op foarhân in geskikte en beskikbere trainer foar Cambuur?

Sipke Hushof hie my in geskikte kandidaat like al liket it derop dat hy bewust keazen hat foar in rol as assistint-trainer.

Hoe grut is de plaat foar Cristiano Ronaldo syn holle?

Dy plaat past net yn dizze Treffer dat mei dúdlik wêze.....

“Dy plaat past net yn dizze Treffer dat mei dúdlik wêze.....”

De nije trainer fan Chelsea Graham Potter wikselte yn syn basisopstelling. Sa bliuwt de hiele seleksje fit en belutsen by it proses. Wurdt der oer it algemien net tefolle fêst holden oan in fêste opstelling?

As je safolle wedstriden fuotbalje as yn Ingelân dan hawwe je oan 11 spilers net genôch. Dat je op dizze manier mear spilers belutsen hâlde liket my goed. Dochs bin ik fan miening dat je úteinlik it bêste fuotbal sjogge by teams dy 't in soad mei deselde 11 spylje.

As je safolle wedstriden fuotbalje as yn Ingelân dan hawwe je oan 11 spilers net genôch. Dat je op dizze manier mear spilers belutsen hâlde liket my goed. Dochs bin ik fan miening dat je úteinlik it bêste fuotbal sjogge by teams dy 't in soad mei deselde 11 spylje.

Hasto ek sa 'n nocht yn it WK?

Ik fernim oan alles dat it oars as oars is dizze kear. It libbet noch net echt yn it lân, om my hinne en ek net by my sels. Fansels gean we der al plat foar as it daliks sa fier is. Bin toch ek wol benijd nei Louis van Gaal syn lêste toernoai. Ien fan de bêste trainers fan us tiid.

Moat Daley Blind mei nei it WK?

Ja. Hy kin mei syn erfaring en kwaliteiten noch altyd in wichtige spiler wêze foar Oranje.

De foarseleksje is ek bekind. Wat fynst de meast opfallende namme(n) en binne der ek spilers dy'sto mist?

It meast opfallend fyn ik dat der 5 keepers yn de foarseleksje sitte. Net te leauwen. It is foar de reservekeepers al moai. As der ien keepert dan kinne de oare 4 yn elts gefal in potsje klaverjasse....

Silst ek meidwaan oan de SDS WK-League?

Absolut! Lekker gokke foar in fêste priis, mei kâns op winst!

Wat foar lân sjochstoe oan de eins mei de beker nei hûs gean?

Ik soe al myn jild op Italië sette. Mar goed dat ik dat net dien hawwe, want dy dogge net iens mei.... Dat hie de kommende jierren op in houtsje biten wurde ynstee fan hite nûtsjes...

SDS'er der op út

Gerwin Sijbesma fan SDS 1 hat de earste trainingen dit seizoen meidien en wat oefenwedstriden, mar doe 't it seizoen goed en wol begie wie hy fertrokken. Efkes op it oare ein fan de wrâld sjen. Wy binne benijd hoe as it mei him is, wat hy dêr allegear docht en wannear hy wer thús komt.



Wêr bist op it stuit?

Op it moment fan skriuwen sit ik op it eilân Gili Trawangan, dat leit neist Bali. Momenteel bin ik 9 wiken ûnderweis en ha ik de earste twa moanen lâns de eastkust fan Australië reizige. Myn lêste stop dêre wie Sydney en om't it der in record oan rein fallen wie, ha ik it moaie waar wer opsocht.

Hast al in soad besjoen?

Ik haw al in hiel protte besjoent ien de moannen dat ik no fuort bin. Fan bekende tot minder bekende plakken en eilânden. Nei Bali flean ik wer werom nei Australië wêr ik Tasmanië besjen sil. Dernei noch ien citytrip nei Melbourne en dan wer werom nei Wommels.

Bist allinnich fuort of mei mear?

Ik bin allinnich op reis en dat befalt my heel goed! Mar allinig binne je fansels nea. Ik sliep yn hostels en dêr binne genôch oare internationals wermei je nije plakken besjôche en aktiviteiten mei dogge. En de measte reizigers fan myn leeftiid dy't ik tsjinkom reizigje allinig.

Bist dêr ek wat oan it sporten?

As't in soad rinnen bij de kategory sporten hjeare litst, dan seker. Noch net in soad drave kinnen hjir en dat is ien it klimaat fan Bali ek net te dwan. It bêste hjir is om net tefolle te bewegen, te genieten fan een Bintang bierke of een massage. En dat befalt my ek erg goed moat ik sizze.

Wannear komst wer thús?

Nei Tasmanië en Melbourne flean ik 6 november wer richting Nederlân. Dan is it ek wol wer moai west en is it wer tiid om it 'normale' wer op te pakken.

Wannear ferwachttesto wer op it fuotbal fjild te stean?

Earst mar goed traine en kondysje opbouwe en dan sil ik dernei fast wer snel te bewonderjen wêse op it fjilden. SDS 1 hat in geweldige start fan it seizoen mei 9 punten út trije wedstriiden. We sille sjen at se my noch nedich he.

Mist it fuotbaljen no ek?

Op in âlderwetske sneon te middei fuotbalje misse je altyd wol. Mar gelokkig kin ik it allegear goed folgje online en fansels op de webside fan SDS.

Persoanlik

Wy stelle jim graach foar oan:	
Armin Stenekes	
Namme	Armin
Berne	4 oktober 2013
Yn Wommels, Easterein as....	Snits
Skoalle	Sint Maarten
By SDS sûnt	2018
Team	JO10
Gjin fuotbal, dan...	Piano,tennis
Favorite klup Nederlân	Heerenveen
Favorite klup bûtenlân	PSG
Beste trainer	Jan Stenekes
Beste fuotballer yn Nederlân	Milan van Ewijk
Beste fuotballer yn it bûtenlân	Neymar
Favorite fuotballer SDS	Pieter Siitsma
Beste keeper	Noppert
Favorite posysje	Links midden
Sterkste punt	Assist
Swakste punt	Sjitte
Moaiste stadion	Abe-Lenstra-stadion
Idoal	Noppert

Hichtepunt	Fakânsje Thailand
Djiptepunt	Kneuste enkel
Moaiste goal	Fan de middelline ien de krúsing (Remco)
Skoudertriuw as tackel?	Skoudertriuw
Boas om	As iemand mist as ik een voorzet jou
Flinters yn de búk fan	As we winne mei fuotbal
Tillevysje	Heerenveen sjen
Muzyk	Hardstyle
Lekkerste iten	Pizza
Minst lekkere iten	Paksooi□□□□
Bakje patat of broadsje sûn?	Bakje patat
Drinken	Rivella
Spulkompjoeter of bûten boartsje	Allebeide
Favorite game	Fall Guys
As ik skoar dan fier ik dat sa....	Dom dûnske
Cambuur of SC Heerenveen?	SC Heerenveen natuerlijk
Kampioen Eredivisie 2022-2023?	Heerenveen
Wrâldkampioen?	Nederlân
Moaiste sjurt	Heerenveen
Lelijkste sjurt	Cambuur
Fuotbalskuon	Giel en mei in sokje
Rjochts of lofts?	Rjochts
Gers of keunstgers?	Gers
At ik letter grut bin dan....	Wurd ik krekt as myn heit

In fruitmandsje bringe by Ewout de Boer

Foar de simmerstop hie Ewout de Boer syn toske flink troch de lippe en koe hy in pear wiken net balje. Fant simmer is dit kreas opknapt, mar no stiet Ewout op 'e nij oan de kant. Wat is der no wer oan de hân?

Wêr hast no wer lêst fan?

It docht bliken dat ik no lêst haw fan in lichte hernia.

Hoe is dat sa kommen?

Ja, ik soe it net witte, mar wierskjinlijk troch in ferkearde hâlding of te swier belêsten van de rêch.

Fernaamdest lyk dat it mis wie?

Nee dat net, mar nei eien keatspartij(familiekeatsen) yn Wommels, hie ik wat lêst fan it kût. Ik tocht dat draaf ik der wol út mar it waard allinich mar erger (sliepende teannen en foet).

Knapt it al wat op?

Ja it giet alwer wat better, mar it giet mysels net hurd genôch.

Wannear ferwachteto wer op it fuotbalfjild te stean?

Ik hoopje foar de winterstop wol wer op it fjild te stean mar dan moat it lichem wol meiwurkje

Ewout, in protte sukses mei dyn herstel!

Wy hoopje dy gau wer op it fuotbalfjild te sjen!

(WW)



SDS-paraplu


Der binne folop SDS-paraplú's te krijen. Sy koste mar €15,-.

Sy binne net allinnich ideaal om mei hjerstich waar oan de kant fan it fuotbalfjild op te hawwen, mar kinne ek tsjin de sinne brûkt wurde.

Oan de SDS-paraplu sil it net lizze.

Bestel se fia info@vv-sds.nl. Sy binne tidens it fuotbalseizoen yn de bestjoerskeamer te krijen.

Alderaardichst as Sinteklazekado of sa.



Webshop SDS

WEBSHOP
S.D.S.



T-Shirt + Polo

Short

Rugtas + Sporttas

Trainingspak

Jas met kap + Vest

Trainingsset

Ziptop + Sweater

Trainingsbroek

Schoenentas + Handdoek

CHECK:
VVSDS.TEAMSHOP.CLUB

OF SCAN DE
QR CODE!



m¹muta
WWW.MUTASPORT.NL

Je kinne de QR-code scanne om yn de SDS-webshop te kommen.

Hjir kinne je net allinnich SDS-klean en -spul krije, mar ek bygelyks fuotbalskuon of keeperswanten mei 25% koarting om 't je lid fan SDS binne.

Besjoch it hjir mar ris efkes:
<https://vvsds.teamshop.club/>

Fan de opbringsten fan de ferkeapen giet in part nei SDS.

SDS-fuotbalplaatsjes(2)

Gewoanwei sil de fuotbaljende jeugd harren net echt bemuoie mei it ynkeapbelied fan heit en mem. Begjin septimber wurdt dat oars.

Se wolle fanôf 7 septimber mar wat graach dat heit en mem, pake en beppe de boadskippen dogge bij de Jumbo yn Wommels. Safolle mooglik keapje liket harren ek in goed plan dus helpe se mar wat graach om de karre fol te krijen. It leafst hawwe se dat er in flinke foarrie oanlein wurdt. "Wat ekstra sjijs, wat ekstra kola, echt mem, it komt echt wol op".

Fjouwer fuotbalplaatsjes foar it SDS jubileumboek krije je bij 10 euro. Der binne 201 plaatsjes at ik goed teld haw.

Begjin septimber tilt it op fan de jeugd bij de Jumbo foar. "Mei ik de plaatsjes fan jo", freegje se oan hast elkenien dy't de Jumbo ferlit mei in karre fol guod. Of soms freegje se it foardat immen de winkel yngiet.

De boeken reitsje hieltyd foller en der komme hieltyd mear gelikense. Der wurdt ruile, thús en soms op skoalle.

Selden is it sa drok yn de biblioteek as op de freedtemiddei dat er in ruilbeurs is. De earste boeken begjinne hast fol te reitsjen. Opropkes op facebook: wa hat Dorien Tacoma en Zenn Hoitinga foar ús? Der sitte hiel wat foto's fan Hendrik de Jong yn de ruildoaze want dat is dan ek de ienige dy't twa kear yn it boek stiet : as topskoarder en as SDS 1 spiler.

Der is net in bettere wize om de fuotballers allegear bij namme te kennen. Dat jildt dan foaral ek foar de âlders, de pakes en de beppes.

Terpstra? wêr is dat ien fan?

Stenekes? binne dat allegear broerkes?

Samme? is dat in pakesizzer fan dij?

Wij sjogge dat er meardere Melles en Mohammeds binne en mar leafst trije Tymens (ek al sprek je it ferskillend út) yn JO 10-1.

De aksje is dien en de oerbleaune kaartsjes lizze no noch yn in ruilbak yn de biblioteek. It SDS jubileumboek leit thús, fol mei plaatsjes en wurdt hopenlik noch regelmjittich iepenslein om oan te wizen wa't wa is.

Der is no ek tiid foar de heiten en memmen om de moaie ferhalen yn it boek te lêzen.

De foto's fan alle jeugd stean no ek de webside, mar dan bij it nije team It SDS jubileumboek mei fuotbalplaatsjes is in grut sukses.



“Stenekes?
Binne dat allegear
broerkes?”

Aant Hofstra

In fruitmandsje bringe by Remco Hijlkema

Yn de oefenwedstriid tusken SDS 1 en Wykels-Hallum 1 rekke Remco Hijlkema blesseard en dêrnei hawwe wy him noch net wer op it fjild sjoen. Wat is der oan de hân?



Wêr hast lêst fan?

Ik ha inkelbânletsel en ik hie skuorren ynt middenvoetsbeentje en it sprongbeen.

Hoe hast dat sa krigen?

Yn de oefenwedstriid tsjin Wykels Hallum stie yn fan efteren my op de foet.

Fernaamdest doe lyk dat it mis wie?

Ja, Jappie wie de wettersekdrager en doe't der by my kaam sei ik al dat it mis wie.

Hoe no fierder?

Ik bin krekt út it gips en kin fanôf dizze wike (as alles goed liket) wer langsum oan opraine.

Giest ek nei de fysio?

Ja, ik sil fanôf moarn(=21 oktober) nei de fysio.

Wannear ferwachteto wer op it fuotbaljild te stean?

De prognose is jannewaris.

Wat misto no it meast no asto net fuotbalje kinst?

Alles wat it baljen sa leuk makket: nei it wurk lekker de sinnen fersette op it fjild, it strieden mei de mannen foar de punten en in bierke nei de tiid fansels.

Remco, in protte sukses mei dyn herstel!

Wy hoopje dy gau wer op it fuotbaljild te sjen!

(WW)

SDS -Look-a-likes(34)

Fine jim in SDS'er op in fuotballer, in bekende Nederlander, in Dútsjer, in blomkoal, Doutzen Kroes of oars ien of wat lykjen mail ús dan in foto. It leafst fansels ek efkes mei de foto op wa 't jim degene lykjen fine. Wy binne hiel benijd. Mail jim SDS-Look-a-like nei DeTreffers@vv-sds.nl!
Dizze kear mei tank oan Jesse en Robin.

Samir Tawafra (trainer SDS 2) as Peaky Blinder:



Tim Sweering as Tim Sweering:



Dennis Dijkstra as Bob Ross:



In kraammandsje bringe by Harmke van der Werf



Harmke van der Werf (SDS Vr.1) en har Pieter hawwe op de 19e fan de hjerstmoanne in lytse poppe krigen. Wy binne wol benijd hoe as it no mei harren is.

Hoe is it mei dy?

Der wienen wat komplikaasjes by de befalling dus ik ha noch wat hersteltiid nedich, mar it giet de goeie kant wer op!

Op 19 septimber hawwe jim lytse Grytzen krigen. Hoe giet it mei Grytzen?

Mei Grytzen giet it poerbest! Hij docht it hiel goed en we binne tige wiis mei hem.

Net tefolle lêst fan brutsen nachten?

De brutsen nachten hjeare der natuerlijk bij. Grytzen fûn de nachten earst ek net sa fijn, mar dat giet no gelokkich wat better.

Kin Pieter him al in ruft al om krije?

Pieter is hjir in natoertalint yn. Je soenen de fraach better oarsom stelle kinne;) Mar ik kin it no ek hjeer!

Kin Grytzen al in bytsje skoppe?

Grytzen kin om 'e raak skoppe! En mei beide fuotten, dus hij liket twabenich!

Kinne wy Grytzen fêst ynskriuwe by SDS?

Wij ha in moaie bal fan VR1 fan SDS krigen, dus die sil grif faak brûkt wurde! We binne beneid welke sport Grytzen letter dwaan wol!

Bist sels al wer oan it baljen?

Helaas dat noch net. Mar ik sjoch der nei út dat ik dat ik dat ek wer kin.

Mar noflik genietsje fan lytse Grytzen!

Wy hoopje jim gauris oan de line by SDS te sjen.

SDS WK-League

Op moandei 21 novimber begjint it WK-fuotbal yn Qatar. Te fier fuort om efkes hinne, dus dêrom hawwe wy mar wat oars betocht om it wat oantrekkelijk te meitsjen. Wy organisere dêrom foar de 5e kear de SDS WK-League.

Op de webside fan SDS kinne je der alles oer fine. It is net hiel yngewikkeld. Doch je foarsizzingen foar de poulewedstriden, foarsis wa 't der yn de 8e-, kwart- en heale finales en de finale komme en wa 't wereldkampioen wurdt. Dêrneist binne wy benijd nei de topskoorder en hoefolle goals hy makket.

Alles is te finen op:

www.vv-sds.nl

It moaist is as je it Excel-formulier ynfulle en nei aant@vv-sds.nl of willem@vv-sds.nl stjoere. Dan hawwe sy it minst wurk fan it ynfieren fan alle foarsizzingen.

De ynlis sil wer €5,- wêze.

Graach ynleverje foar snein 20 novimber 17.00 oere.

Súkses!

It SDS-WK-League-komitê,
Aant en Willem



**Sjoch foar al it aktuele
SDS-nijs elke dei op
www.vv-sds.nl!**

Slút je oan by GEKE en stypje SDS!

Sa't jimme witte is der fanút doarpsbelang Hâld Faesje fan Easterein in enerzjy koöperaasje oprjochte:

Griene Enerzjy Kooperasaasje Easterien. GEKE

Wat wolle sy?

GEKE hat as doel it befoarderjen fan de leefberens en duorsumens yn Easterein.

Mar hoe wurket dat dan?

GEKE is 'wederverkoper' fan stroom en gas fan Energie VanOns. Dit is in enerzjyleveransier dy't oprjochte is troch alle koöperaasjes meiinoar út Fryslan, Grins en Drinte. Energie VanOns keapet stroom en gas regionaal yn en lit de opbringsten fia de koöperaasjes wer werom floeie nei de doarpen. GEKE kriget as wederverkoper € 75,- per oanslúting per jier. Mei dit jild kinne we projekten dwaan om in duorsum doarp te wurden, mar we kinne it ek breder ynsette troch ferienings finansjeel te helpen om sa de leefberens te befoarderjen.

Wat is it idee?

GEKE wol yn gearwurking mei de ferienings fan Easterein sjen om safolle mooglik leden te krijen. It idee is dat elke feriening syn leden freget mei stroom en gas oer te stappen nei GEKE. De fergoeding foar de feriening is € 37,50 per oanslúting en € 37,50 euro is foar GEKE dy't dit ynsette sil foar de duorsumens yn Easterein. Dus stappe der 10 leden oer dan krijt SDS € 375,- per jier.

Wy tinke mei GEKE dat dit in prachtige manier is om oan ekstra sinten te kommen foar SDS! SDS is fan doel om dit jild te reservearen foar b.f. in pannakoai of mei de tiid in nije toplaag foar it keunstgersfjild.

Binne jo ynteressearre meldt je dan sa gau as mooglik oan by GEKE oan op de mail fia: info@geke-easterein.nl en jou oan dat je SDS stypje wolle!

Binne der fragen, as wolle jimme dat ien fan GEKE del komt om dit fierder ta te ljochtsjen, sjoch dan op de webside fan GEKE (<http://www.geke-easterein.nl/>) of nim kontakt op mei ien fan de bestjoersleden fan GEKE: Fedde Wiersma, Gerrit Bergsma, Johannes Dijkstra, en Marcel Janssen

GEKE GRIENE ENERZJY
KOÖPERAASJE EASTEREIN

VanOns

SDS'ers der op út

Mika de Jong mocht op snein 13 augustus by Feyenoord – sc Heerenveen mei de spilers fan sc Heerenveen it fjild op.

By de grutte mannen wie de keeper fan sc Heerenveen de grutste man fan it fjild. By de bern wie dit iets oars.



Mika syn heit Dirk de Jong mocht fansels mei nei Feyenoord – sc Heerenveen en gie in pear dagen letter ek noch mei syn maten en (âld-)SDS'ers Marten, Chris, Jelte en Jacob-Sjirk nei Borussia Dortmund – Werder Bremen.



Sybrecht Overall har grutte dream is fant simmer útkommen. Sy woe namelijk hiel graach it stadion fan Barcelona besykje. En dat koe fansels net moaier as op 10 augustus. De dei dat SDS 75 jier bestie. Sy woe mar al te graach in sjurt skore fan de Spaanse klup, mar net foardat sy op de foto kaam yn har SDS-kampioenssjurt.

Ut de âlde jubileumdoaze

Kampioensalvetal SDS 2 1964.

Steand: Willem Leeman, Reinder Rijpma, Hielke Tuinstra, Bennie Okkinga, Piet de Boer.

Foar: Wiepie ten Dam, Jan Strikwerda, Sjoerd Spoelstra, Jan Jelsma, Meinte Sixma, Lieuwe Hoitinga.



Bauke de Boer syn heit hat hiel lang fol holden dat hij nea kampioen west hat bij it fuotbaljen.

Oant sneon 3 septimber leaude Bauke dat. Doe trof hij Jan Jelsma bij it jubileum en dy wist seker dat se kampioen wurden wiene mei SDS 2 en dat Piet de Boer dêr ek bij hearde.

“Ik haw noch in foto yn it plakboek” sei Jelsma dy’t yn Beilen wennet.

En sa kamen wy oan dizze prachtige foto fan SDS 2 yn 1964. Ferskeidene spilers seagen wy mei it SDS-jubileumfeest. En mei sa ’n foto komme ek de

ferhalen nei boppe.

Jan Strikwerda koe sa noch in moaie anekdoate fertelle oer dit kampioenskip. De foto is namelijk naam yn Eastersee. Dêr waard SDS 2 kampioen. Dit hie noch aardich wat fuotten yn de ierde, want hinnereis nei de wedstriid yn Eastersee hie ien fan de auto's pech krigen yn Snits by de Martinitoer. De mannen wienen troch de buoium fan de auto sakke en moasten wachtsje op ferfangend ferfier út Easterein. Sy soenen dan allinnich fiersten te let by de wedstriid komme. Yn Snits bellen sy by ien oan om nei Eastersee belje te kinnen. Lokkich wienen sy by EBC sa skapliijk om te wachtsjen mei de wedstriid oant elkenien der wie. SDS wûn de wedstriid úteinlik mei 6-0.



Piet de Boer, Wiepie ten Dam en Jan Jelsma op it SDS-jubileumfeest. Sy fuotballen alle trije yn it kampioensteam fan SDS 2 fan 1964.
(Foto Bauke de Boer)

Doelpuntenmakers senioaren 2022-2023

De fiif seniorenalvetallen fan SDS hawwe op dit stuit 18 wedstriden fuotballe. Meielkoar hawwe se 33 doelpunten sels makke en ien kado krigen fan in tsjinstanners dy't syn eigen doelman passearde.

Peter Sijbesma makke de measten en dat is opfallend want meastal is dat syn broer Robert. Stan Korbach skoarde ferline seizoen totaal 2 kear en hat no al 4 yn it net lizzen. Fan Dirk Yde Sjaarda ferwachtsje gewoan 4 op dit momint en Tim Sweering hat in moaie seizoenstart. En Jelmer Posthumus, dy kin wol yn it earste no't er al wer 3 makke hat dit seizoen.

	1	2	3	4	5	Totaal
Peter Sijbesma					5	5
Stan Korbach	4					4
Dirk Yde Sjaarda					4	4
Tim Sweering		2		1		3
Jelmer Posthumus			3			3
Lourens van der Pol	2					2
Hendrik de Jong	1					1
Kevin de Haan	1					1
Bauke Dijkstra		1				1
Arjen Los		1				1
Wessel Wijnja		1				1
Sietze Stoffelsma		1				1
Anne Stenekes			1			1
Mark Postma			1			1
Tjipke Okkema			1			1
ed tsjinstanner SDS 4				1		1
Ate Schaap				1		1
Sije van der Schaar				1		1
Harm Stremmer					1	1
Totaal	8	6	6	4	10	34

Aginda

Wannear?	Wat ?
29 oktober	SDS 1 – Heeg 1
5 novimber	Makkum 1 – SDS 1 om 15.00 oere
12 novimber	SDS 1 – SVM 1
18 novimber	SDS Vr. 1 7x7 spilet thús fan ôf 19.30 oere
19 novimber	CVVO 1 – SDS 1
20 novimber	SDS WK-League ynleverje foar 17.00 oere
20 novimber	Iepening WK-fuotbal om 17.00 oere
21 novimber	Nederland – Senegal om 17.00 oere
25 novimber	Nederland – Ecuador om 17.00 oere
26 novimber	SDS 1 – SF Deinum mei nei de tiid DJ Heavy P.
29 novimber	Nederland – Qatar om 16.00 oere
3 desimber	Sc Bolsward 1 – SDS 1 om 15.00 oere
10 desimber	SDS 1 – Heerenveense Boys 1
18 desimber	WK-finale om 16.00 oere
7 jannewaris	SDS-nijjierssit mei fuotbalmikstoernoai

De trainer fan SDS 1, Remco Bervoets, kaam nei foarich seizoen oer fan SF Deinum. As tsjinprestaasje hie de foarsitter fan SDS de foarsitter fan SF Deinum muzyk by ús yn de kantine beloofd as SF Deinum by SDS yn de 3e-Klasse komme soe. By dizze! Kom sneon 26 novimber allegear. It wurdt in alderaardichste middei mei nei de wedstriid SDS 1 – SF Deinum 1, DJ Heavy P!

26 NOVEMBER • AANVANG 14.30 UUR
mei nei de tiid DJ Heavy P.

SDS 1
-
S.F. Deinum

3e KLASSE A KNVB
SPORTCOMPLEX "DE SKOALLESEIZE" EASTEREIN

HOOFDSPONSOR
VDE
grafische groep van der eems

WEDSTRIJDSPONSORS
KONING
INSTALLATIETECHNIEK
KBC
DINCRONIS DE BESTE
UN NUTTIJNEN VOOR LEERERS EN BOEKWELERS



drive

We trekken graag een sprintje om aan uw wensen te voldoen. Uw drukwerk regelen wij vol kracht en overgave. Wij gaan ervoor en hebben er plezier in. Dat is onze kracht. Enthousiasme voedt ons bloed. Van begin tot eind werkt ons team van bevolgen, betrokken toppers aan uw product. Het eindresultaat telt, maar ook de weg ernaar toe. Prestatie vloeit voort uit passie, gedrevenheid en betrokkenheid. Wij denken graag met u mee, want samen komen we verder. Welkom bij Van der Eems.



grafische groep van der eems

VANDEREEMS.NL EASTEREIN / HEERENVEEN